

[0243] 6. *Joannes Cuperus* skreau yn 1748 in *Brulloftz-rymke op dy træftigge jonge lieuwe; dy brauwe feint, Klaas Ypei, proffiæster yn dy rekkenkunst toa Fræntjer in dy goedlykke jonge faam Lyske Smit. Gærkæppele dy 7finne Hæmoanne ynt Jier 1748 (1748D) yn de bundel *Echtzangen, op het huwelijk van Nikolaas Ypei en Elizabeth Helena Smit* (Franeker 1748), dêr't ek Jan Althuysen in frysk*

fers yn skreaun hat. Wumkes <sup>1)</sup> achtet de dichter bikendernôch en mient dat wy hjir to dwaen ha mei ds. Johannes Couperus dy't fan 1720 ont 1777 yn Stiensgea stien hat en dy't in soan wie fan ds. Petrus Couperus fan Wergea <sup>2)</sup>, de skriuwer fan twa fryske oranje-fersen (1733A en 1734A). Ek W. Wijnaendts van Resandt <sup>3)</sup> skriuwt it fers oan ds. Johannes Couperus ta. Noch moaijer makket A. Hallema <sup>4)</sup> it, as er skriuwt, dat ds. Johannes Couperus ek to Frensjer studearre hie „yn selskip en frjeonskip mei de heechlearer yn 'e mathematyske wittenskippen, professor Nikolaas Ypey". Ypey is yn 1714 berne, en yn 1720 wurdt Couperus doomny!

Yn 1745 lykwols wurdt yn it frentsjerter matrikel de studint *Joannes Cuperus* ynskreaun. Fan *Joannes Cuperus, Philol. Studiosus*, fine wy yn 1746 in hollânsk fers oan *Dominicus Balck*, as er foar de fyfte kear rektor wurdt <sup>5)</sup>, en ien yn de dissertaasje fan *Petrus Bondam* <sup>6)</sup>. Dúdlikernôch fan deselde *Joannes Cuperus* - mar der stiet nou gjin *Philol. Studiosus* mear efter de namme - binne lettere (allegear hollânske) fersen: yn 1747 op de dea fan *Gothofredus du Bois* <sup>7)</sup> en fan *Johannes Cornelius Balck* <sup>8)</sup>; yn 1748 oan *L.C. Valckenaer* <sup>9)</sup>, en yn 1749 oan de fiif frentsjerter professoaren “*Ægidius Gillissen, Henr. Will. Bernsau, Willem Ouwens, Nikolaas Ypeij* en *Joannes Schrader* yn de *Offers voor Minerva* <sup>10)</sup>, en by de brulloft fan *Jacob Braam* en *Aukjen Fonteyn* <sup>11)</sup>. By dizze sawn hollânske fersen komt dan dus noch it fryske fers (1748D) by de brulloft fan *Nikolaas Ypei*. Utsein yn de bundel oan *Valckenaer* (1748) en yn de *Offers voor Minerva* (1749) hat Jan Althuysen by alle boppeneamde gelegenheden, en yn deselde bundels as *Joannes Cuperus*, mei in frysk fers bydroegen.

De konsekwinte stavering *Joannes Cuperus*, de dichterlike produksje fan de studint *Joannes Cuperus* om 1748 hinne, it formidden fan frentsjerter professoaren en studinten, alles wiist derop, dat de dichter fan ús brulloftsfers *net* is ds. Johannes Couperus fan Stiensgea, mar de *philol. studiosus* *Joannes Cuperus*.

Us dichter *Joannes Cuperus* heart yn in hiel oar formidden thús. Hy moat deselde wêze as de lettere menniste doomny *Joannes Cuperus* yn Utert, dy't dêr op 17 april 1777 forstoar. As dat spoar ienkear foun is, is de saek fierder

1) Wumkes, Boddens, s. 334.

2) Romein, Naamlijst, p. 514.

3) W. Wijnaendts van Resandt, Het geslacht Couperus in Nederland van 1580 tot ongeveer 1830 (Rotterdam 1953), p. 22.

4) It Beaken III, s. 75.

5) Vota nuncupata pro viro clarissimo Dominico Balck, quum quintum rector academiae publice reminciaretur. Franequerae, 1746.

6) Petrus Bondam, Specimen juridicum inaugurale continens animadversiones criticas ad loca quaedam juris civilis depravata. Franequerae, 1746.

7) Epicedia in obitum viri clarissimi Gothofredi du Bois. Franeqverae, 1747.

8) Epicedia in doctissimum ac ornatissimum juvenem Johannem Cornelium Balck. Franeqveræ. 1747.

9) It earste fers fan dy bondel oan *Valckenaer* is fan Ernst Willem Higt en hyt: Aan den Heere Lodewijk Caspar Valckenaer, op zijne redevoering, over de oude en onlangs bespeurde wisselvalligheid der Nederlandsche zaaken (Franeker 1748).

10) *Offers voor Minerva*, ter gelegenheid van het geluk, het welk haare Oeffenschool te Franeker gebeurde. Franeker, 1749.

11) Bruilofts-zangen, gezongen ter eere van Jacob Braam, en Aukjen Fontein. Franeker, 1749.

ienfâldich genôch, hwant oer dy Joannes Cuperus is gâns bikend <sup>1)</sup>). Wy jowe hjir yn it koart inkelde feiten: Joannes Cuperus waerd berne op 10 maert 1725 yn Deinum as soan fan de menniste preker *Menno Klaassen* en *Trijntje Johannes*. Ds. J.J. Kalma neamt Menno Klaassen (mei *Klaas Janssen Kuiper*, *Jan Klaassen* en *Sjoerd Klaassen*) as menniste formoanners yn Blessum yn 1731 <sup>2)</sup>). Yn de Stimkohieren fan Menamerdiel fine wy yn 1728 yn Deinum as meyer op pleats nr. 22 en 23 in Minne Clasen (yn 1698 siet in Claes Jansen as meyer op dyselde pleatsen). Neffens it "Biografisch Woordenboek van Protestantsche Godgeleerden in Nederland" wie Menno Claassen ek noch troch "eigengeërfden" bineamd ta "ontvanger en kerkvoogd". De herfoarme doomny dêr, *Henricus Braunius*, en syn soan *Christianus Hermannus* ûnderrjochten Joannes Cuperus yn latyn, gryksk en hebrieusk, en yn 1745 gied er nei Frentsjer, dêr't er fjouwer jier studearre hat; hy hearde dêr, sa't er sels skriuwt <sup>3)</sup>) "in de Historien, Talen en Oudheden *Joannes Schrader* en *Ludovicus Casparus Valckenaer*. In de Mathesis en Philosophie *Nicolaas IJpeij*, *Godefridus du Bois*, *Joan. Nic. Seb. Allemand*, en in de Kerkelijke Geschiedenissen alsmede het laatste jaar in de Theologie *Hermannus Venema*, alsook over het natuurlijk Regt *Christ. Henric. Trotz*". Yn septimber 1749 kaem er yn Amsterdam, dêr't er syn theologyske stúdzje fuortsette by de menniste heechlearaer *Tjerk Nieuwenhuis* en in pear remonstrantske professoaren. Hy waerd proponint yn 1752, wie yn 1753 doomny yn Den Hoorn op Tessel, fan 1753 ont 1758 yn Vlissingen, dêr't er yn 1754 troude mei Maria Tak, en fan 1758 ont syn dea yn 1777 yn Utert.

Sjogge wy nou nochris, oan hokfoar persoanen oft Cuperus syn gelegenheidsfersen rjochte hat, dan fine wy yn guon dêrfan syn professoaren-learnmasters werom (Gothofredus du Bois, L. C. Valckenaer, Nikolaas Ypeij, Joannes Schrader) en yn ien ek it menniste formidden (Jacob Braam en Aukjen Fonteyn <sup>4)</sup>).

1) Sjoch foar fierdere bysonderheden oer de libbensrin fan Joannes Cuperus: Mennonite Encyclopedia I (Hillsboro-Newton-Scottsdale 1955), p. 747; Mennonitisches Lexikon I (Frankfurt 1913), p. 383; Biografisch Woordenboek van Protestantsche Godgeleerden in Nederland II ('s-Gravenhage), p. 330-333; Doopsgezinde Bijdragen 1868, p. 85 vv.; C. de Vries, Lijkrede ter gelegenheid van het overlijden des eerwaardigen Heren Joannes Cuperus. Utrecht, 1777. Sjoch foar de Cuperus-femylje ek noch: Grafschriften tussen Flie en Lauwers IV Menaldumadeel (Leeuwarden 1959), p. 28.

2) Ds. J.J. Kalma, Naamlijst der Friese Doopsgezinde Leke- of Liefdeprekers en Predikanten. Leeuwarden, 1962, p. 18.

3) Oanhelle neffens Doopsgezinde Bijdragen 1868, p. 88-89.

4) Sjoch Doopsgezinde Bijdragen 1868, p. 98.